

### Les 3

#### Programma les 3

1. Utwikseling fan ûnderfinings mei it staażjerinnen op de A-kursus (of eventueel dy foar NF). Ferrint alles neffens wisk? Binne alle staażjebegelieders op 'e hichte (brocht) fan de ynstruksjes foar staażjes (sj. les 1 en 2)? Is der al ynformaasje garre oer de begjinsituaasje fan de kursisten? Hoe gong dat? Binne der swierrichheden mei it krekt ynfoljen fan de matriks?

Wy geane nei oft elts de taseine ûnderwiislearmiddels fergees taskikt krige hat (*A-boek, hantlieding A-boek, Stavering*, evt. *Tiidwurden* en in lêsbok). Kriget elts *De Pompeblêden*? Dêr kin û.o. kursusnijs yn stean oer (nije/fernijde) ûnderwiislearmiddels en feroarings yn de eksamens.

By de lestarieding kin de tsjeklist 'rjochtlinen foar lestarieding' no goed brûkt wurde, wylst ûnder of nei de les de tsjeklist 'rjochtlinen foar de lesútfiering' goede tsjinsten biede kin. Nim dy nochris goed troch. Kin elts dêr goed mei oer de wei?

2. Fêststellen fan in nije datum (en plak) foar de 4<sup>de</sup> teoryles en as it kin ek de 5<sup>te</sup>.

3. De opdrachten (húswurk) foar dizze les komme oan bar:

a. *Lesjaan*, s. 28 o/m 45 is bestudearre. Wy geane nei oft der noch swierrichheden binne, bgl. mei de doelformulearring en by it beânderjen fan fragen oer de taalsosjologyske kaart fan Fryslân. Binne der notysjes of gearfettings makke fan guon (wichtige) saken?

Wy rinne efkes foarút op it húswurk foar de oare kears (s. 45 o/m 80). Dy hannelje oer aspekten fan de ûnderwiislearsituaasje (haadstik 5). Benammen it begryp *didaktyske wurkfoarmen* (wat de lesjouwer docht) en *learaktiviteiten* (wat de kursist docht). De trije skiften didaktyske wurkfoarmen wurde gauris op it teory-eksamen frege, lykas ek de *liedende* (meidiele, oanbiede, freegje) of de mear *begeliedende* rol (útneogje) fan de lesjouwer by de ûnderskate wurkfoarmen en learaktiviteiten. Benammen dy lêste, begeliedende rol kriget de lêste jierren hieltiten mear omtinken. Dat mei fansels net op kosten gean fan de *ynliedende* rol fan de lesjouwer. Yn dat ferbân is ek haadstik 3 út *Lesgeven* dat hannelet oer *differinsjaasje* en *selsstannich learen* (benammen par. 3.6. oer *selsstannich* en *gearwurkjend* learen) fan belang.

Foar it ynfoljen fan de lesmatriks kinne de begripen fan s. 48 en 49 brûkt wurde (lesfazearring yn de *tiid* en *didaktyske fazearring*). Wy jouwe de foarkar oan de didaktyske fazearring (sjoch dêr ek *Lesgeven* oer, s. 33). Bygelyks:

1. de *motivaasjefaze* mei: in *ynlieding* of *yntroduksje*;

2. de *learfaze* mei:

a. de *ferkenning* fan de learstof,

b. de *oaneigening* troch it oefenjen fan dielaspekten (bgl. de *stavering*) of dielfeardichheden (bgl. de *oanhef* of it ôfsluten fan in brief oefenje) en

c. de *ferwurking* troch it learde ta te passen yn in gehiel (in produkt), bgl. yn in mûnling ferhaal of in tekst (lykas in brief of opstel);

3. de *evaluaasjefaze* troch it neigean/kontrolearen/toetsen fan it learproses of it learprodukt. De eksamens binne ek toetsingsmominten fan einprodukten.

By de *ynterferinjesbestriding* (taalsoarch) sil de lesjouwer wat ynventyf wêze moatte by it betinken fan oansprekkende wurkfoarmen. It omtinken dêrfoar yn tydskriften datearret al út it lêste part fan de 19<sup>de</sup> ieu. Om dy reden lêze wy inkelde artikels fan Waling Dykstra en Onno Harmen Sytstra. Dy artikels moatte koart gearfette wurde. Dy gearfettings komme op 'e teoryles en by de taalsoarch yn de *skriuwkursus* koart op it rabat.

Haadstik 6 oer de *media* is wat de learmiddels oanbelanget, hjir en dêr wat datearre. Dochs kinne ek âldere learmiddels noch fan wearde wêze as (ynspiraasje)boarne of as neislachwurk.

b. *Lesgeven*, hdst. 5 oer de 'Beginsituatie' (s. 110-146) wurdt ynlaat troch ien of twa kursisten of de lesjouwer. De begjinsituaasje (fan benammen de kursisten) moat sa goed mooglik bekend wêze om dêr rekken mei hâlde te kinnen (as dat mooglik is). Oer de fjouwer aspekten fan de Afûk-begjinsituaasje (kursisten, lesjouwer, groep en ynstitút) moat wat bestekliks sein wurde kinne (sjoch ek de fragen yn de foargeande les). It haadstik kin brûkt wurde by it gearstallen fan in eigen *begjinsituaasjeformulier* en in *begjinsituaasje-analyse* fan de eigen praktyksituaasje (almeast in Learing-A-groep en letter in NF-kursus).

c. Ut de *skriuwkursus* is les 2 no globaal trochnommen troch de kursisten. Fan belang binne benammen it taaleigen en de taalregels (ferlytsingswurden; *Mei freonlike groetnis*), de noarm- en standertproblematyk, griemmank út *Op 't aljemint en frisofoby* (by taalsoarch). Dêr wurdt op yngongen wurde as dat winsklik achte wurdt. Der kin ek foarútrûn wurde op les 3 fan dy kursus, in húswurkûnderdiel foar de kommende teoryles.

#### Oprachten (húswurk) foar les 4

1. *Lesjaan*, s. 45-80, oer de 'Underwiislearsituaasje' (hdst. 5) en 'Media' (Underwiislearmiddels; hdst. 6).

2. *Lesgeven*, H. 6 oer 'Leerprocessen' (s. 158-197) wurdt taret troch ien of twa kursisten. It skema op s. 158 is wer it referinsjeramt. Om de teoretyske, ûnderwiiskundige begripen út dat skema giet it yn dit haadstik. Besykje nei it bestudearjen fan it haadstik om dy begripen ta jo geastlik eigendom te meitsjen (dus dat jo dy begripen opslage yn jo lange-termynûnthâld) en dy begripen yn ferbân te bringen mei jo eigen lesjaan (dus dat jo der wat mei kinne). By it bestudearjen fan de teory en it tapassen op Afûk-leargongen, kinne de folgjende fragen/opdrachten in stipe wêze.

##### Fragen en opdrachten:

a. Hoe soene jo befoarderje kinne dat kursisten:

- *betsjutting* jouwe oan (of: har begryp befoarderje fan) de (taal)ynformaasje dy't jo jouwe of dy't yn it kursusboek stiet;

- en dat se dy ynformaasje sa goed mooglik *strukturearje* (analysearje, selektarje, ferlykje, kombinearje)? (par. 6.2.1)

b. Leveret it netwurk/patroan fan begripen (skema) op s. 158 ek in bydrage ta it ta stân bringen fan jo eigen semantysk netwurk fan dit haadstik? (par. 6.2.2., s. 167-168). Ferlykje dêrby jo eigen begjinsituaasje foar it lêzen fan it haadstik mei dy fan de (ein)situaasje néi it lêzen fan it haadstik.

c. Hoe soene jo befoarderje wolle dat de kennis en feardichheden (bygelyks op it stik fan it ferstean, praten, lêzen, skriuwen) dy't yn de Fryske les leard en oefene wurde, ek tapast wurde (kinne) *bûten de les* yn de brede(re) kontekst fan it 'gewoane' libben? (par. 6.2.3)

d. Besykje om foarbylden te jaan fan *deklarative* kennis dy't opdien wurdt/wurde kin yn in stikmannich kursussen dy't de Afûk oanbiedt (NF o/m Akte/Didaktysk foech). (par. 6.3.3)

e. Wat binne de wichtichste didaktyske maatregels dy't jo brûke kinne om *prosedurele* kennis (bgl. feardichheden op it mêd fan ferstean, praten, lêzen, skriuwen) te automatisearjen by jo kursisten? (par. 6.3.3, s. 174)

f. Hoe kinne jo befoarderje dat Afûk-kursisten mear situaasjonele of gebrûkskennis krije? (par. 6.3.3, s. 174-175; par. 6.3.4, s. 177-178; par. 6.4, s. 180)

g. Wêr soene jo om tinke wolle en wat soene jo dwaan wolle om jo Frysk ûnderrjocht sa *effektif* mooglik te meitsjen? (par. 6.6)

h. Gean foar in metoade foar NF of Leargong A ris nei yn hoefier't dy opset is neffens de neamde rjochtlinen foar de befoarderje fan it *kognitive, effektive* learen. (par. 6.6, ynkl. par. 6.6b)

i. Hokfoar rjochtlinen of fêste regels foar it jaan fan *weromkeppeling* (feedback) soene jo sels (it leafste) hantearje wolle yn de omgong mei jo kursisten? (par. 6.7)

j. Gean troch observaasje yn jo beide staaazjeperioaden ris nei hokfoar *weromkeppelingsregels* oft jo staaazjebegelieders hantearje. (par. 6.7a)

k. Hoe soene jo befoarderje kinne dat jo kursisten in (mear) djippe en *konstruearjende* learstyl hantearje yn pleats fan dat se har beheine ta in *oerflakkige* of allinnich *reprodusearjende* learstyl? (par. 6.8)

l. Besykje troch observaasje ris nei te gean hokfoar 'learopfetting' oft jo staaazjebegelieder sa't skynt, hat (ferl. de opdracht, s. 197 boppe-oan).

3. Ut de *Kursus Frysk skriuwen* wurdt Les 3 globaal trochnommen. De klam leit wer by de taalregels en idiomatyske eftergrûnkennis. Yn dy les giet it û.o. oer *meartalsfoarming* en *steatlike styl*, in ûnderwerp dat ek yn *Bydragen ta de didaktyk fan it fuortset ûnderwiis* te finen is (s. 52). Tige fan belang is ek it regelsysteem foar de bûging fan eigenskipswurden. Benammen it weilitten fan de útgong fan adjektiven by in 'it-wurd' as der in besittlik foarnamwurd foar stiet, moat goed omtinken krije.

Boarnen op it mêd fan taaleigen wurde yn les 2 en yn dizze les neamd. As men sokke boeken en boekjes besette kin, hat men der in hiel libben wat oan as lesjouwer.

Yn 'griemmank' wolle wy de klam lizze op it brûken fan 'folle' en it sa Frysk mooglik brûken fan de wurdskikking by de tiidwurden 'hoege' en 'doar(re)'. In lesjouwer moat men dêr winliken each en ear foar hawwe. By 'taalsoarch' komt Douwe Kalma op 't rabat.

4. *Opdracht*: Lês foar de 4<sup>de</sup> les de taalsoarchartikels fan mear as in ieu tebek fan Waling Dykstra (WD) en Onno Harmen Sytstra (OHS) troch. Gâns fan wat dêryn opmurken wurdt, soe hjoed de dei ek sa skreaun wurde kinne. Yn de skriuwkursus wurdt ek omtinken oan harren jûn. De Afûk is wat dat oanbelanget, noch lang net oerstallich! Meitsje inkelde notysjes fan wat jo it wichtichste achtsje út de stikjes fan de beide taalwarders.

De neikommende fragen kinne jo dêrby helpe:

- Hoe lang wurdt der yn Fryslân besocht om oan *taalsoarch* te dwaan as jo sjogge nei de fjouwer artikels?
- Wat is neffens WD de *oarsaak* fan ûnfryske uterings?
- Wêr hellet WD syn ‘taalnoarm’ gauris wei?
- Hokfoar *foarbylden* fan ‘min/net-Frysk’ by WD sprekke jo it meast oan en hokfoar net (mear)? Wêrom? Soene jo dat dúdlik meitsje kinne oan oare kursisten?
- Hoe tinkt WD oer de *ynfloed* fan syn skriuwerij oer taalsoarch?
- Hokfoar ynterferinsjes dy’t WD neamt, soene jo yn jo lessen (en dêrbûten) *bestride* wolle? Wêrom? Soene jo dat dúdlik meitsje kinne oan oare kursisten?
- Is op WD syn eigen taalgebrûk ek wat oan te merken neffens hjoeddeiske noarmopfettings?
- Wêr skriuwt OHS it *ferbasterjen* fan it Frysk oan ta?
- Wat tinkt OHS fan *argaïsmen*?
- Hokfoar *foarbylden* fan ‘min/net-Frysk’ by OHS sprekke jo it meast oan en hokfoar net (mear)? Wêrom? Soene jo dat dúdlik meitsje kinne oan oare kursisten?
- Hokfoar ynterferinsjes dy’t OHS neamt, soene jo yn jo lessen (en dêrbûten) *bestride* wolle? Wêrom? Soene jo dat dúdlik meitsje kinne oan oare kursisten?
- Is op OHS syn eigen taalgebrûk ek wat oan te merken neffens hjoeddeiske noarmopfettings?
- Wat is de betsjutting fan de fjouwer artikeltsjes foar jo? Soene jo dat dúdlik meitsje kinne oan oare kursisten?

5. *Opdracht*: Lês út it *Afûk-learplan 1990 en fierder* de siden 3 o/m 7. Jou dêrby benammen omtinken oan de paragraaf oer de *noarm* fan it Frysk. Men kin dan sjen dat de Afûk besiket om te wurkjen yn in tradysje dêr’t W. Dykstra en O.H. Sytstra (mei) de grûnslach foar lein hawwe (s. 7).

*Fragen*:

- Wat is it *plak* fan it Afûk-kursuswurk yn it gehiel fan it sosjaal-kulturele wurk en it ûnderwiis?
- Wêrom leare minsken Frysk en moat der (ek) omtinken jûn wurde oan *skiednis*, *literatuer*, *taalsosjology*, *taalhâlding* en *taalpolityk*?
- Wat wurdt der sein oer de noarm fan it Frysk en wat is it útgongspunt fan de Afûk op it stik fan de noarm foar it skriftlike Frysk?

### De ‘ideale’ Afûk-lesjouwer

Yn de perioade (fan wat mear as in winterhealjier) dat de oplieding foar it didaktysk foech duorret, wurdt in begjin makke mei it wurkjen oan it ‘fakmanskip’ as lesjouwer. Dy taak is kompleks. Men moat as lesjouwer ommers eat op in dúdlike wize oerbringe kinne, men moat de bekwaamens besitte om in les sa te organisearjen dat de kursisten (leafst goed) leare, men moat as it heal kin de kursisten entûsjast(er) meitsje kinne, men moat begelieding jaan kinne as se mei in probleem by de lesjouwer komme, ensfh. Sokke bekwaamheden hearre by in *startkompetinsje*. Dêr is yn in ienjierrich jûnsprogramma foar it lesjouwersfoech mei wat praktyk en teory net safolle tiid foar as yn in reguliere dei-oplieding. De measten slagget it lykwols om op it nivo fan dy startkompetinsje te kommen. Dêrnei is der út soarte noch in hiele protte te learen. Yn de rin fan de jierren sille dan op basis fan (fierder) learen en ûnderfining *rûtinen* ûntwikkele wurde.

Underwiis is yngewikkeld en *ûnfoarsisber*. Dat komt omdat it in *ynteraktyf* barren is, d.w.s. in trochgeand opinoar ynwurkjen fan alderlei ynfloeden fan lesjouwer en kursisten en fan kursisten ûnderling. Mei it tapassen fan in stikmannich teoretyske *regels* of it útfieren fan in pear *techniken* of *resepten* út de hânboeken kin it net ta. Men sil by steat wêze moatte om te learen fan de *ûnderfinings* dy’t men (heltiten wer) opdocht.

Yn dat gehiel spylje ek min ofte mear heldere *ideeën* mei oer wat ien ta in *goede* of *minne* learaar of lesjouwer makket. Sokke opfettings stjoere jins hâlden dragen tige mei. Yn it begjin binne lesjouwers nochal rjochte op it ‘oerein bliuwen’ yn de kursus (klasse). Mar ik giet om mear en ienris *oanleard* gedrach (in rûtime) is letter net maklik te feroarjen. Dêrom is it fan belang om hieltiten nei te tinken oer (of: te *reflektearjen* op) it eigen ûnderwiisgedrach. Dêr besykje wy yn it kommende healjier in begjin mei te meitsjen.

By dat neitinken moat men ek ris yn tinzen werom gean nei de eigen (middelbere) skoaltiid. Wa fan de learaars springt der *posityf* út en wêrom? Wêrom wied er in goede learaar foar jo? Wat wie der sa bysûnder oan him (of har)? Wat die er (se)? Hokfoar eigenskippen hied er (hie se)? Skriu dy (aktiviteiten en eigenskippen; it hoe en

it wat) ris yn in pear stekwurden op (it hoecht net folslein te wêzen). Besykje datselde ris foar in *minne* learaar te dwaan. Dêrnei ferlykje wy dy stekwurden mei wat de oare didaktykkursisten opskreaun hawwe.

### **Boarnen: geakunde en skiednis fan in plak of krite**

In Afûk-lesjouwer jout gauris les yn in min ofte mear fêste krite of stêd. Syn (har) kursisten sille dêr ek almeast foar it grutste part weikomme. Dy komme geregeldwei mei fragen oer dat gea of dy stêd en dat freget fan de lesjouwer dat er wat geakundige of histoaryske kennisse hawwe moat of witte moat wêr't er dy fine kin. It sammeljen fan krante- of tydskrifte-artikels op dat mêd is ek in tige nuttige aktiviteit.

Om dy reden is in skôging fan geakundich of histoarysk materiaal as opdracht yn ús programma opnommen. Dat hoecht net perfoarst *ien* publikaasje te wêzen. In skôging kin ek bestean út in beskriuwing fan en in oardiel oer in *stikmannich* losse boekjes of artikels dy't as tige brûkber sjoen wurde as boarnemateriaal. Jou sa goed mooglik oan hoe't jou dy boarnen brûke wolle (soene). Soene jo ek beskate ynformaasje ferwurkje wolle yn jo eigen lessen? Hoe?

In ferneamde rige fan fjouwer yllustrearre neislachwurken (boarneboeken) oer ús kultureel erfgoed is bygelyks 'De Monumenten van Geschiedenis en Kust', in rige oer 'Noordelijk Oostergo', dy't skreaun is troch Herma M. van den Berg en útjûn troch de Staatsuitgeverij (SDU Uitgeverij, 's-Gravenhage): *Ferwerderadeel* (1981); *De Dongeradelen* (1983); *Dantumadeel* (1984) *Kollumerland en Nieuw Kruisland* (1989). Faak reitsje sokke publikaasjes nei in tal jierren útferkoft (lykas de *Geakunde fan Wûnseradiel*) en binne se, as der gjin werprynting komt, allinnich antikwarysk of oars (bgl. op 'e rommelmerk) te besetten.

Oare tige brûkbere *geakundige* en *histoaryske* boarnen binne bygelyks:

- Akker, K.J. van den, *Van de mond der oude Middellzee*. Leeuwarden: Friesche Pers (7).
- Abma, G., *Himmelumer Aldefurd en Noardwâlde. In tal aspekten fan de skiednis fan in eardere gritenij*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1992.
- Abma, G., *Ljouwertadiel. De voortreffelijkste voorstemmende ende meest contribuerende gritenije van Oostergoo*. Ljouwert: De Tille, 1984.
- Boer, M.L. de, *Minskestriid Minskeklibben. Ut de histoarje fan Hinnaerderadiel*. Boalsert: Osinga, 1970.
- Botke, J., *De gritenij Dantumadiel*. Dokkum: Fa. J. Kamminga, 1932 (De Fryske Bibleteek, nû. XXV).
- Carmiggelt, A., *De 'Keningsterp' fan Winaam. De Fryske elite yn de iere Midsiuwen*. Abcoude: Uniepers, 2000 (Archeologie in Fryslân, dl. 2, 79 siden; moai yllustrearre; is der ek yn it Hollânsk).
- Carmiggelt, A., *Begraven op de terpen yn Ferwerderadiel. It deadebestel yn midsieusk Fryslân pl.m. 400-1200*. Abcoude: Uniepers, 2000 (Archeologie in Fryslân, dl. 1; 79 siden; moai yllustrearre; is der ek yn it Hollânsk).
- Frieswijk, J., W. Hoekstra, K. Huismans, S. Krul en G. de Vries (red.), *1000 jaar FRIESE WOUDEN*. Zwolle: Waanders Uitgevers, 2007 en letter (18 lytse, moai yllustrearre boekjes).
- Geakundich Wurkforbân fan de Fryske Akademy, *Baerderadiel. In geakunde*. Boalsert: Osinga, 1957.
- Gildemacher, K.F., *Wymbritseradiel, skiednis fan gea en minsken*, 1980.
- Gildemacher, K.F., L.G. Jansma en H. Spanninga (red.), *Haskerlân. In tal bydragen ta de skiednis*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1990.
- Ginkel, E. van., *Iistiidspoaren yn Noardeast-Fryslân. De âldste boaiem fan Kollumerlân*. Abcoude: Uniepers, 2006 (Archeologie in Fryslân, dl. 7, 80 s.).
- Hosper, U, P. Karstkarel en S. van der Woude, *De Slachte*. Leeuwarden: De auteurs & Friese Pers Boekerij, 2008.
- Huisman, K., K. Bekkema, J. Bos, H. de Jong, E. Kramer en R. Salverda (red.), *Diggelgoud, 25 jaar Argeologysk Wurkforbân: archeologisch onderzoek in Fryslân*. Ljouwert: Fryske Akademy/Afûk, 2008.
- P. Karstkarel, *Alle middeleeuwse kerken - Van Harlingen tot Wilhelmshaven*. Groningen: Noordboek, 2007 (974 s.).
- Koeveringe, Y. van, *Oerjagers yn Noardeast-Fryslân. Achtkarspelen yn de tiid fan Neandertalers en rindierjagers*. Abcoude: Uniepers, 2006 (Archeologie in Fryslân, dl. 6, 80 s.).
- Koeveringe, Y. van, *Van wildernis tot SMALLINGERLAND. Friese veenontginningen in de middeleeuwen en latere turfwinning rond Drachten*. Abcoude: Uniepers, 2008 (Archeologie in Fryslân, dl. 8, 96 s.).
- Koeveringe, Y. van, *Zwerfstenen in Fryslân. De erfenis van de ijstijden rond Buitenpost*. Abcoude: Uniepers, 2008 (Archeologie in Fryslân, dl. 9, 96 s.).
- Kunst, R. (eired.), G. Jensma, P.Th. Kok, Y. Kuiper, M. Schroor, H. Spanninga, R. van der Woude, *Leeuwarden 750-2000. Hoofdstad van Friesland*. Franeker: Van Wijnen, 1999.

- Molen, S.J. van der, *Achtkarspelen. In lêsbok oer de geakunde fan in Wâldgemeente*. Drachten: Laverman, 1962; Ljouwert: M.A. van Seijen, 1977 (werprintinge).
- Leeuwarder geschiedcommissie, *Rondom de Oldehove. Geschiedenis van Leeuwarden en Friesland*. Leeuwarden: Interboek [s.j. = ± 1989, 2<sup>de</sup> pr.].
- Molen, S.J. van der, *Opsterlân. Skiednis fan in Wâldgritenij*. Ljouwert: M.A. van Seijen, 1977.
- Santema, O. en Y.N. Ypma (eired.), *Skiednis fan Menameradiel*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1972.
- Schaik, P. van en J.J. Spahr van der Hoek (eired.), *Geschiedenis van Smallingerland*. Leeuwarden: De Tille, 1976.
- Schroor, M., *Fan Middelsee tot Bildt. Lânwinning in Fryslân in de Middeleeuwen en de froegmederne tiid*, Abcoude: Uniepers, 2000 ((Archeologie in Fryslân, dl. 3, 79 s. ; is ek yn in Hollânsktalige wjergader).
- Schroor, M., *Geschiedenis van Dokkum hart van noordelijk Oostergo*. [ s.p.]: Stichting Historia Documensis, i.s.m. de Fryske Akademy [2004].
- Spahr van der Hoek, J.J. en Y.N. Ypma, *Tietjerksteradeel. Bydrage ta de sosiale skiednis fan de Wâlden*. Leeuwarden: de Tille, 1978.
- Spahr van der Hoek, J.J., *Achtkarspelen: oars as oars?* Ljouwert: Fryske Akademy, 1992.
- Steehouwer, K., *Boeren yn de Fryske Wâlden. It kommen fan de lânbou nei de omkriten om Bakkefean hinne yn 3400 foar Kr*. Abcoude: Uniepers, 2005 (Archeologie in Fryslân, dl. 4; 80 siden).
- Vreeken, A., *Veenterpen rond Sneek. Friezen tussen klei en veen in de Romeinse tijd*. Abcoude: Uniepers, 2005 (Archeologie in Fryslân, dl. 5; 80 siden).
- Zijlstra, S., *Skiednis fan Eastdongeradiel*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1992.

Fansels is dit mar in greep út wat der beskikber is op it mêd fan de gritenijen of gemeenten. Wa't fierder sykje wol, sil yn it (leafst meast resinte) *Utjefteboekje* of *Publikaasjelistke* fan de Fryske Akademy en de oersjoggen fan de Stifting It Fryske Boek (*Katalogus Fryske Boeken; Boekelist Fryske Boeken; [www.fryskeboek.nl](http://www.fryskeboek.nl)*) gâns fan syn gading fine, ek op it mêd fan de doarps- en stedsskiednissen. Dy publikaasjes wurde geregeldwei by de tiid brocht. Besykje ek by te hâlden wat der op dat gebiet besprutsen wurdt yn kranten en tydskriften.

Yn it Frysk *bûsboekje* binne efteryn gâns organisaasjes te finen op it mêd fan taal, kultuer en skiednis. Wichtich is ek *Tresoar*, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum, Bûterhoeke 1, Postbus 2637, 8901 AC Ljouwert ([www.tresoar.nl](http://www.tresoar.nl)), till.: 058-7890789 en it *Fries Museum*, Turfmerk 11, Postbus 1239, 8900 CE Ljouwert ([www.friesmuseum.nl](http://www.friesmuseum.nl)), till.: 058-2555500.